

Steatefraksje GrienLinks
O.f. mefr. Groeneveld en dhr. Van de Bles
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 20 desimber 2007
Ferstjoerd **03 JAN. 2008**

Ús merkteken : 00731312
Ôfdieling : Miljeufergunnings
Behannele : R. Deems / (058) 292 58 76 of r.deems@fryslan.nl
troch
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : ZEPP te Drachten fan opslach fan CO₂

Achte mefrou Groeneveld / achte hear Van de Bles,

Op 6 novimber lêstlyn hawwe wy jo brief krigen mei fragen oer de Zero Emission Power Plant te Drachten en de opslach fan CO₂ dy't dêr anneks mei is. Hjirûnder geane wy op jo fragen yn.

1. *Kloppet it, dat de provinsje Fryslân ferantwurdlik is foar it jaan – of net jaan – fan in miljeufergunning foar de saneamde ZEPP-sintrale yn Drachten, lykas de gemeente Smellingerlân skriuwt op har website?*

Ja.

2. *Stiet of falt dy sintrale mei it opslaan fan CO₂ yn âlde gasfjilden yn Midden-Fryslân?*

De opslach fan CO₂ is in essinsjeel ûnderdiel fan it ynnovative konsept. Troch it (wer) yn 'e ûndergrûn opslaan fan de CO₂ dy't troch ferbaarning út it ierdgas frijkommen is, komt der gjin CO₂ yn 'e lucht frij, dus om dy reden it predikaat 'Zero Emission'. Boppedat hat de opsleine CO₂ de funksje om it fjild op druk te hâlden en it oerbliuwend gas foar him út te drukken. Sa kin mear gas as wenst is út it fjild wûn wurde.

3. *As dat sa is, dan besjocht it kolleezje, nimme wy oan, it bedriuw én de opslach fan CO₂ as ien gehiel foar it al of net ôfjaan fan in miljeufergunning?*

It hat foar ús ek de pree om sawol de ZEPP as de opslach fan CO₂ as ien ynrjochting te sjen. Dêr hawwe lykwols mear oerheidsorganen it foech oer en der binne mear beslútfoarmingsramten foar it takennen fan fergunnings en it is noch de fraach oft de ZEPP en de opslach út juridysk perspektyf wei as ien ynrjochting oanmurken wurde kinne.

4. *Hat it kolleezje it artikel lêzen, dat de hear A.F. Feit hut Voorburg skreaun hat yn de Ljouwerter Krante fan 24 oktober, pagina 7, oer de plannen foar opslach fan CO₂ yn gasfjilden by Drachten en de ûnderfinings mei opslach fan CO₂ yn oaljefjilden yn Texas?*

Ja.

5. *As fraach 1 befêstigjend beântwurde wurdt, is it kolleezje dan ek fan doel ynternasjonale, wittenskiplike publikaasjes oer opslach van CO₂ te belûken by de beoardieling fan de ZEPP-sintrale grif yntsjinne wurde moat?*

By it beoardieljen fan de oanfraach foar in miljeufergunning sil de aktuele, nasjonale en ynternasjonale kennis op it mêd fan CO₂-opslach brûkt wurde. Yn 2006 en 2007 hawwe wy meidien oan in stúdzje ûnder de namme *Algemene Milieu Effecten Studie CO₂-opslag (AMESCO)*. In ynternasjonaal syndikaat mei brede saakkundigens en ûnderfinings op it mêd fan CO₂-opslach hat de stúdzje útfierd. Ien fan de risseltaten fan de AMESCO is in beskriuwing fan miljeu-effekten dy't harren by ynjeksje en opslach fan CO₂ foardwaan kinne soene. It einrapport wurdt maitiid 2008 ferwachte.

6. *Is it kolleezje fan DS ek fan doel, ynspraakgearkomsten te organisearjen oer de eventuele miljeu-effektrapportaazje y.f.m. de ZEPP-sintrale?*

Ja, it kolleezje is fan doel om ynformaasje gearkomsten en harksittings te organisearjen.

7. *As dat wol sa is, wol it kolleezje dan ek de leden fan Provinsjale Steaten yn 't foar oer dy gearkomsten ynljochtsje, sadat Steateleden der ek by wêze kinne?*

De gearkomsten sille iepenbier wêze. Omwenners, belanghawwenden en minsken mei niget oan it ûnderwerp sille op 'e tiid en op ûnderskate manieren op de gearkomsten wiisd wurde, Steateleden allyksa.

8. *Mocht der opslach fan CO₂ yn Midden-Fryslân komme, is of wurdt it rampeplan fan Smellingerlân en de gemeenten dêr't de CO₂ opslein wurdt, dan ek op oanpast, sadat rekken hâlden wurde kin mei it (grutskalich) ûntsnappen fan CO₂?*

Op it stuit is dat noch net rjocht dúdlik en noch net oan 'e oarder. Boppedat leit it foech om in rampeplan op te stellen by de oanbelangjende gemeenten.

Wy hoopje jim hjirmei genôch ynformearre te hawwen.


Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. E.H.T.M. Nijpels , foarsitter


mr. J. Wibier , siktaris